

Ljouwert, 10 maart 2022

PARSEBERJOCHT / ÚTNÛGING

Nije roman: *De wûndere leafde fan Emine en Einte* fan Willem Verf

By de Afûk is ferskynd: *De wûndere leafde fan Emine en Einte* fan Willem Verf. De beide haadpersoanen út it boek *Bûtenman en Bûtenfrou*, Emine en Einte, dy't elkoar troffen yn Istanbûl, op 'e flecht foar har ferline, binne ek de haadpersoanen yn dizze nije aktuele leafdesroman.

Emine wit dat hy like fereale is op har as sy op him. Wêrom besiket er har dochts te ûntrinnen? Einte wrakselt mei de fraach: kin dat, mei dat, hat ien dy't in moard ferswijt it rjocht om echt fan in oar minske te hâlden? Undertusken bringe hja bern grut, meitsje se suksesfol muzyk en wurde se meinommen troch de aktualiteit en de famyljeskiednis. Dit is it relaas fan in wûndere leafde – yn in boek dat ek prima te lêzen is foar wa't *Bûtenman & Bûtenfrou* net ken.

Oer de auteur

Willem Verf debutearre yn 1982 mei de roman *It bliuwt pielen*. Yn 1984 krige er de Fedde Schurerpriis fan de provinsje Fryslân foar syn ferhalebondel *In delgeande tiid*. Mei de roman *Tiid fan libjen* hied er trije jier letter in protte sukses. Fierder hat Verf noch skreaun: *It swijen net wurdich* (2008), *Bûtenman & Bûtenfrou* (2013) en *It sinfol bestean* (2017).

Presintaasje

De presintaasje fynt plak op **sneon 11 maart om 15.00 oere** yn it pop-up kafee 'De Gouden Leeuw' yn Tresoar, Bûterhoeke 1, Ljouwert. Nei in koarte yntroduksje troch de skriuwer sil Tet Rozendal in tal lietteksten dy't ûnderdiel binne fan de roman foardrage, Jaap Louwes soarget foar de muzyk.

Boekgegevens

De wûndere leafde fan Emine en Einte

Auteur: [Willem Verf](#)

Utfiering: paperback

ISBN: 978 94 93159 43 3

Tal siden: 344

Ferkeappriis: € 26,50

websjop.afuk.frl

- *Ein parseberjocht*

Noat foar de redaksje, net foar publikaasje

Foar mear ynformaasje en/of resinsje-eksimplaren kinne jo kontakt opnimme mei Ida Heddema (Utjouwerij Afûk): 06-20890524 of Ida.Heddema@afuk.frl